

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	<b>Deputearre Poepjes</b> <b>Underwerp: Jeugd-Obe</b>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	De útjefte fan Pippi Langkous yn it Frysk is in grut sukses. De earste oplage fan 1000 stiks wie binnen in pear wiken útferkocht en der kaam in twadde printinge. <sup>1</sup> Foar it Fryske taalgebiet is dat in soad: 'it is rôversguod' sa waard der sein. Ut de wrâld fan útjouwers, skriuwers en oersetters komt it lûd dat folle mear berneboeken in Fryske oersetting fertsjinje <sup>2</sup> . De sjuery fan de Obe Postmapriis kaam koartlyn mei de oanbefelling om ek in 'Jeugd-Obe' yn it libben te roppen foar de bêste oersetting fan in berneboek yn it Frysk. De deputearre hat oanjûn soks ûndersykje te wollen. <sup>3</sup>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. It it Kolleezje it mei ús iens dat wy mei sokke oersettingen fan jongereinliteratuer in goed resept yn hannen hawwe om it Frysk lêzen te befoarderjen?</li><li>2. Wat hawwe jo de lêste tiid yn it provinsjaal Frysk taalbelied dien spesifyk om oersettingen fan bekend wurk yn it Frysk te befoarderjen?</li><li>3. Binne jo it mei ús iens dat yn dit stik fan saken in aparte priis foar oersettingen fan jeugdliteratuer / berneboeken in goede oanfiter wêze kin om ta in grutter kwalitatyf oanbod yn it Frysk te kommen?</li><li>4. Kinne jo oanjaan wat it ûndersyk hjirnei opsmitten hat, en op hokker wize en wannear sa'n 'Jeugd-Obe' stal krije kin binnen it provinsjaal taalbelied en it prizestelsel?</li></ol>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)  FNP, Sijbe Knol  FvD Fryslân, Albert van Dijk
---------------	--

Datum	22 desimber 2020
-------	------------------

<sup>1</sup> Omrop Fryslân 4 desimber 2020 - [Fryske Pippi Langkous yn pear wike tiid oan twadde printinge ta | Omrop Fryslân \(omropfryslan.nl\)](#)

<sup>2</sup> Omrop Fryslân 7 desimber 2020 - [Pippi-oersetter Martsje de Jong: "Folle mear berneboeken fertsjinje in Fryske oersetting" | Omrop Fryslân \(omropfryslan.nl\)](#)

<sup>3</sup> LC 19 novimber 2020 - [In het Fries vertaalde jeugdliteratuur verdient 'eigen' Obe Postmaprijs - Leeuwarder Courant \(lc.nl\)](#)